



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. Se folgje Jezus op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan oaren oer Jezus.

Sara en Simon wenje mei heit en mem yn naüm. Sa no en dan komt harren grutte broer Daniël ek thús. Dy hannelet yn kamielen en is altyd ûnderweis. Dan heart er in soad ferhalen. As er thús is, is it in bytsje feest.

Hjoed fertelt Daniël oer in belangryke Romeinske soldaat yn Kafarnaüm.

In offisier yn Kafarnaüm

Lukas 7,1-10

“Sjoch ris, dêr rinne frjemde soldaten.”

“Witst hokker soldaten dat binne?”, frege Daniël.

Sara skodholle.

“It binne Romeinske soldaten. Dy binne hjir de baas yn Kafarnaüm.”

“Brrr... dat fyn ik mar neat”, blaasde Sara.

“Do hast gelyk,” knikte Daniël, “op in soad plakken dêr’t ik mei myn kamielen kom, binne se ek net aardich. Mar hjir yn Kafarnaüm is dat oars. Ik sil dy fertelle fan ien fan harren. Harkje mar...”

Ien fan dy frjemde soldaten fielde him alhiel thús yn Kafarnaüm. Hy hold fan de minsken hjir. It wie in offisier.

Hy begriep hoe wichtich oft it foar de minsken yn naüm wie om nei Gods Wurd te harkjen. Dêrom hie er in synagoge foar harren bouwe litten. De minsken yn Kafarnaüm wiene him dêr och sa tankber foar.

Alle wiken opnij wie it op sabbat feest yn ’e synagoge. Dan waard der foarlêzen út de grutte Tora-rol. En op de oare dagen yn ’e wike mochten de bern ek yn de synagoge komme om de wurden fan God te learen.

Op in dei stiene in pear foarname Joadske manlju yn de poarte fan Kafarnaüm. De offisier kaam by harren te stean en sei: "Myn feint is siik. Ik sit bot oer him yn. No haw ik heard dat Jezus hjir yn Kafarnaüm is. Soene jim Him freegje wolle oft Hy myn feint better meitsje wol?"

De mannen seagen inoar oan...

"Lit ús it mar dwaan. Hy hâldt fan ús folk", seine de manlju tsjininoar.

Tegearre giene se nei Jezus ta. Se fertelden Jezus wat de offisier harren frege hie:

"It giet om in Romeinske offisier. Lit it dan net ien fan ús wêze, mar hy is wol hiel goed foar ús. Hy hat derfoar soarge dat wy hjir yn Kafarnaüm in synagoge krige ha. En no is syn feint bot siik. Soene Jo him helpe wolle?"

Jezus rûn fuort mei harren mei...

Doe't se hast by it hûs fan de offisier wiene, rûnen syn freonen Him al yn 'e mjitte. Se hiene in boadskip foar Jezus: "Us hear, de offisier, sei: doch gjin muoite om by my thús te kommen. Ik bin mar in frjemdling. Jo hoege allinne mar te sprekken, dan sil myn feint better wurde."

Elkenien koe it hearre!

Jezus draaide him nei de minsken ta en sei: "No kinne jim it sels hearre... Dizze offisier is net ien fan ús folk, mar hy fertrout op de God fan Israel. Sa'n grut leauwen bin ik by jim noch net tsjinkommen."

De freonen fan de offisier giene werom. Doe't se by it hûs fan de Romeinkse offisier kamen, seagen se dêr allegear blide minsken.

Tusken al dy blide minsken rûn de feint. Hy dûnse, want hy wie sûn!

"Is dat de offisier?", frege Sara. "Hy komt dizze kant út. Soe der wat wêze?"

"Ja, dat is 'm", sei Daniël. "Ik wol leauwe dat er nei de synagoge giet."